
Sigrid Kingma

In tuskenfaze yn byld brocht

Elske Kampen kenne we benammen fan har priiswinnende debút *Fan glês it brekken*, mar ek fan poëzij foar it FeRstival. Yn 2014 kaam *Dit is it gedicht/Dit is het gedicht*, in bondel mei poëzij foar jongerein út. Har nijste bondel *Man en mem* leit al in skoftsje yn stilte by de boekhannel. It wurdt tiid foar in wiidweidich besprek.

De bondel bestiet út seis skiften: 'See en stien', 'Man en mem', 'Bylden', 'Sels', 'Opnij in beam' en 'De stien en ik'. De skiften 'See en stien' en 'Sels' binne losse gedichten. 'Bylden' is in searje fan fjouwer gedichten mei de boarne, it byld dêr't se út ûntstien binne, op de linkerside derby. 'Opnij in beam' is in searje fan tsien gedichten dy't in belangrike ûntwikkeling yn it wurk fan in keunstner sjen lit. Alle dielen kinne los faninoar lêzen wurde, mar der sit in soarte fan ûntwikkeling yn. Kampen wurket gauris mei selsmakke bylden foar ynspiraasje foar har gedichten. It is nijsgjirrich om in pear bylden derby te sjen dêr't de gedichten op skreaun binne. Yn *Dit is it gedicht/Dit is het gedicht* sjogge we ek de bylden derby, mar yn *Fan glês it brekken* net.

Der mankearret stilistysk net folle oan de bondel, it is hiel goed wurk, mar it is dreech om de finger derop te lizzen en te sizzen wat der sa goed oan is. It hat der, tink ik, mei te krijen dat de bondel dreech yn syn folsleinens te tsjuten is. Dat tsjuten is wat Kampen yn de earste gedichten wol hieltyd wer docht en gjin inkele muoite mei skynt te hawwen. Sy beskriuwt ferskillende persoanen: immen dy't har libben foar oaren libbet yn *See en stien*, ien dy't fallen is en net wer oereinkomme kin yn *As wurd ik in sirkel* en in man dy't twangmjittich besiket om grip op it libben te hâlden yn *De man dy't altyd lêze moat*. Dat alles yn de styl lykas yn *Fan glês it brekken* dy't sa karakteristyk is foar Kampen.

It eigenaardige oan dizze gedichten is datst se as lêzer de earste kear op klank lêst, de twadde kear op bylden en pas nei de tredde kear op betsjutting. De gedichten drage allegear in ferhaal dêr't in bytsje puzelwurk foar nedich is

49

om it derút te heljen. Om dy reden ha ik itselde gedicht wol tsien kear lêzen, healwei hieltyd ferjittend dat ik mei de betsjutting dwaande wie. De klanken en bylden lutsen myn oandacht der hieltyd wer ôf, mar ik hie it gefoel dat ik it folslein begripe moast foar't ik fierder koe. De gedichten binne oplosber, mar hoege net oplost te wurden om moai te wêzen. De earste sin út 'See en stien' rint sa moai datst him hieltyd foar dysels werhelje kinst. Dat earste gedicht tsjinnet as ynliding en toansetter foar de bondel.

SEE EN STIEN

Rin myn keamer yn en sjoch, ik bin der net.
Oer de stoel leit lichemswaarm noch myn wollen fest.

Útliend haw ik my oan immen yn in himd, oan ien mei skerpe jongestosken. Hoe't hy syn himd útdocht mei eagen ticht of iepen wol ik witte. Hoe swiet syn tonge smakket, hoe fûl syn toskten bite wol ik fernimme en priuwe wol ik wat syn mûle seit.

Oan ien dy't fallen is en leit lien ik my út, oan ien dy't wachtet. In skelk moat foar ik bin de mem, in skûlplak skelkplak moat ik biede. Mar ek de frou dy't skilderet yn har sletten hûs bin ik, oerdei fûleindich sykjend om ljocht mar nachts sêft yn petear mei in ingel by it rût.

Ik haw my útliend oan in man dy't altyd lêze moat om sa de eangst te kearen, mar leaver dreamt er fan syn learen útnaaiskuon. Oan in bern dat driuwt yn waarm skom haw ik my útliend en oan ien dy't ûngeduerich foar de moeson skûlet.

Ik bin der net, ik lien my út en neat kin ik dêr oer sizze. Let yn 'e jûn bin ik in skaad dat skarrelet oer de hiemen en alles wat ik brûke kin dat stel ik en dat sleep ik mei. Nimmen is der dy't my sjocht. In dief, in parasyt bin ik mei hannen fol, mei beide hannen fol.

Rin myn keamer yn en sjoch, dêr bin ik net.
Oer de stoel leit lichemswaarm noch myn wollen fest.
Tusken see en stien bin ik en sykje dêr.

It is net in straf om tsien kear itselde gedicht te lêzen, der sit sa'n soad yn dat it alle kearen boeiend bliuwt, hielendal troch it lûdop te lêzen. De earste rigel nimt de lêzer fuortendaliks mei troch de direkte formulearing. Yn de dêrop folgjende strofen lient it lyrysk 'ik' har út oan ferskillende persoanen dy't in koarte yntroduksje krije en fierderop yn de bondel in gedicht foar harsels krije. Yn alle strofen begjint de earste rigel mei in ferskillende sinsbou, wylst it boadskip wakker gelyk bliuwt. Troch dy fariaasje yn wurdfolchoarder dy't Kampen konsekwint tapast, kin se in soad werhelje sûnder datst gefoelsmjittich meardere kearen itselde lêst. De klanken wurde soarchfâldich byinoar past, it is 'ien dy't fallen is', mar 'immen yn in himd' om it lûd yn 'himd' mear neidruk te jaan. As wie der foar alle sinnen tocht om de foardrachberheid fan it fers. Hoewol't de rigels net in fêst metrum ha, soarget Kampen der hieltyd foar dat de rigels likernôch like lang binne en like faak klam krije sadat it lekker rint.

Yn de foarlêste strofe wurdt dúdliker dat it net allinnich in jaan is, mar ek in nimmen yn deselde mjitte. Der is sprake fan in lykwicht tusken de útljende en de liener dat maklik fersteurd is en sels ymmoreel wêze kin, mar dat foar beide partijen foardielich is om yn stân te hâlden. Dy ferhâlding tusken fersoarger en helpfreger komt letter mei mear klam nei foaren yn ien fan de bylden. Ta einbeslút wurdt de begjinsin mei in justjes oare klam werhelle en komt de titel fan it gedicht foar it ljocht. Dy lêste rigel ropt betizing op. Tusken see en stien is tusken floeiber en fêst, tusken sêft en hurd, koartwei tusken twa utersten dêr't al it bekende binnen falt. Wurdt hjir socht nei antwurden, nei in libbensdoel, nei in styl? Foar antwurd hjirop sille we djipper de bondel yn moatte om de puzel op te lossen. In yntrigearjend earste gedicht dat de doar iepenset nei in set yntime gedichten.

It titelgedicht 'Man en mem' is mei syn trije siden lingte it iennige gedicht dat net op ien side past. It giet fierder as in beskriuwing fan twa persoanen, it binne monologen dy't in libbensferhaal fertelle oer in feroarjende relaasje en in proses fan ûnderlinge ôfhinklikheid. In man, nei alle gedachten in soan, mar mooglik ek har man, dy't de fersoarger wurden is fan in frou dy't hieltyd mear yn har bernskens rekket: 'Oer alles fan har kin ik noch mei ús tafel prate.' De mem sjocht harsels ek ôftakeljen en ôfhinkliker wurden: 'Net mear grûn, bêden moatte my drage.' Mimerjend beskriuwt se harren feroarjende ferhâlding en it omgean mei de wrâld om harren hinne, mar ek striidber: 'Folgje my, folgje no myn gean en myn eagen en/ sjoch skerper as ik want hast neat kin ik mear/ ferneare en hastich sil ik it paad net gean.' Troch de mem is de man selsstannich wurden, mar no hat de mem de man nedich om har libben noch te libjen. De relaasje mei-inoar dy't minsken makket sa't se binne, is it sintrale tema yn de

bondel en krijt yn dit gedicht in passende útwurking.

Net foar neat is *Man en mem* de titel fan de bondel wurden, dy formulearring is typearjend foar Kampen. Der hie ek 'Soan en mem' of 'Heit en frou' stean kind, mar Kampen kiest foar in definearre frou en in frij yn te foljen man. Dat docht tinken oan it prachtige 'Grutte man' ynspirearre op *It heiteleaze bern*, dêr't Kampen in heit beskriuwt sûnder it wurd 'heit' te brûken. It wurd 'mem' is ek bewust keazen, nei alle gedachten om de fersoargjende aard fan in mem en omdat immen altyd mem is by de graasje fan in oar. De man is folle minder ôfhinklik, de titel ropt it idee op fan in ûngelykwaardige relaasje.

Ast de gedichten meardere kearen lêst, dan ûntdekt in systeem yn de opset. In bepaald soarte bylden dy't ynearsten orizjineel en treffend binne, komme faker werom. Sadwaande giet it nije der wat ôf by de folgjende gedichten dy't yn deselde styl skreaun binne. Benammen it sirkelmotyf komt hieltyd werom en earst liket it op in swakte fan de dichter, in gebrek oan mear bylden. Yn 'De man dy't altyd lêze moat' lêze we 'Yn it hite ljocht sit ik en bin in sintrum wurden' en fierderop 'om it tij rûnom te stjoeren'. Yn 'Man en mem' binne it 'Har sirkels mei flanelen doeken', yn 'Jongste soan' stiet 'it rûne oer myn skouders' en it gedicht 'As wurd ik in sirkel' makket it sirkeltsje rûn. Pas letter wurdt dúdlik dat de rûne foarmen mei sin brûkt wurde yn it earste diel, om de oergong fan romtlik nei abstrakt te ferdúdlikjen en yn sekere sin ôf te twingen. Kampen soarget der subtyl foar datst as lêzer dyn nocht krijst fan dy moaie gedichten mei golle bylden en meiwurkjende foarmen.

By it diel 'Opnij in beam' komt de ynspiraasje fan byldzjend wurk fan Jacoba van Heemskerck van Beest, dy't benammen beammen en sylskippen yn de rin fan de tiid hieltyd abstrakter skildere. Kampen beskriuwt de ûntjouwing dy't in soad keunstners en skriuwers meimeitsje. It eigene jout net genôch útdaging mear, wurdt in keunstje en is net langer foldwaande om mei troch te gean. Yn dit diel sjogge we dat Kampen ôfweeft mei de âlde styl dy't se yn de foargeande gedichten brûkte lykas Van Heemskerck van Beest dat die mei har styl. Se wol de âlde bylden, kleuren, foarmen net mear brûke, mar fielt de needsaak om alles opnij út te finen.

Ien gedicht jout hiel dúdlik dy omslach oan, sawol troch de foarmjouwing, as troch de fersfoarm as troch de ynhâld. De styl giet fan rûn en liiflik nei hoekeich en abstrakt.

IX

Fannacht wie der in dream, in beam yn read.

Fannacht wie der in stoarm, rûnom lei read.

No kin ik net mear skûlje by dat wat wie.

No kin ik net mear fierder gean as ik gie.

Wat oerbliuwt is de romte tusken keale tûken.

Wat oerbliuwt is it hout ûnder skylde hûd.

Ik moat opnij de kleuren foar in beam betinke.

Ik moat opnij in beam, in beam betinke.

Foar it earst yn de bondel sjogge we in bredere rigelôfstân, wat it gedicht fisueel romtliker makket. Fierder sjogge we in klassyk rymskema aabbccdd, of wol hoe't in bern it dichtsjen op de basisskoalle oanleard krijt. De oanlearde techniken binne as bagaazje meigien, mar wurde op in folle abstraktere manier tapast. It eaget ienfâldich as in Mondriaan: simpel foar it each, mar oan alle kanten trochtocht en by neier ynsjen lestich te tsjuttjen.

Dêr binne we oanbelâne by de oplossing fan de puzel, by de reden dy't dizze bondel sa oars makket. Yn essinsje giet it oer it besykjen jinsels te kennen, mar hieltyd as je yn de buert fan antwurden komme, feroaret der wer wat yn je wêzen om't dat wêzen krekt dêrtroch beynfloede wurdt. Itselde barde mei de keunstner Jacoba van Heemskerck van Beest dy't har eigen styl kennen leard hat en op dat momint it roer omgoaid hat, mooglik om't se har nocht derôf hie, of om't it net foldwaande wie. Kampen liket ek te sykjen nei in nije styl. Yn *Man en mem* bringt se in tuskenfaze yn byld, in opstapke op wei nei in nije styl mei nije bylden en foarmen wylst âlde skippen ferbaarnd wurde. Ik bin dêrom hiel benijd nei de te ferskinen bondel *Ynbyld*.

Elske Kampen

Man en mem

Afûk, Ljouwert 2014

ISBN 97809062739868

Priis: €15